

Striepop fan it Wadmanisme

troch Trinus Riemersma, Loaijinge

Fan Anne Wadman is noch krekt yn 'e moanne july útkommen it boek *De oerwinning fan Bjinse Houtsma*, printe by A.J. Osinga mei bân- en omslachûntwerp fan trije kear riede Meinte Walta! Dizze novelle (op 'e foarste flap by fersin 'roman' neamd) beskriuwt flot en feardich, sûnder om- en dwylwegen de houliksûntrou fan Hindrik Visser, haad fan 'e iepenbiere skoalle, dirigint fan 'e pleatslike sjongferiening, heit fan ien soan en man fan Wypkje Himpenius. 'Wat rûngear waard hja langer, smel fan rêch en skouders, mei ûnsjogge sokjes yn 'e toffels'. (s. 14). Hindrik Visser bedriuwt de ûntrou mei in Lutske Westra, frou mei 'in ferline', dêr't er mei yn 'e kunde komt op 'e sjongferiening. De man, dy't Hindrik dwerse kneppels smyt, om't hy ek net fiis is fan Lutske, is Bjinse Houtsma, in frijfeint, dy't der wol wêze doar. It ferhaal spilet yn in lyts doarp mei syn typyske deugden: oergeunst, rapmûligens, nearzigens, lytsboargerlikens, strangens yn seden..... It doarp praat skande en hy wurdt fan mear as ien kant op it festje spuid.

As Bjinse Lutske in oansyk dien hat, en hja Hindrik yn 'e nacht opskillet, om't hja him perfoarst sprekke moat, komt foar him it kiezen of partsjen. Wypkje hat dochs safolle eargefoel dat hja net de frou op it twadde plak wêze wol en hja set Hindrik foar de kar: dat frommes of ik. Dêrmei hat de stoarje syn ein fûn.

Allinne Lutske en Bjinse moatte noch weiwurke wurde. Wolno, Lutske reizget teloarsteld (yn Hindrik) moarns ier ôf mei koffers en al, Bjinse sûpt him teloarsteld (yn Lutske) de 'rêch fol drank' en rydt him dea.

De haadfiguer Hindrik hat in soad wei fan Jeen Joukes Offringa út Wadman syn earste roman *Fioele en Faem*, de man dy't wat wêze woe tusken helt en kloot, mar dy't it net fierder brocht as it lêste. By beide de ûnfoldienens oer harsels, by beide ek de leafde ta de muzyk, dêr't se diletant yn binne en dy't har der net trochskuorre kin. Hindrik syn probleem leit yn safier oars as Jeen sines, dat hy net te kiezen hat tusken it goede en it minne ('helt en kloot') mar tusken it minne en it jit mindere ('leffert en grutte leffert'). Utsoarte is Hindrik in grutte leffert. In grutte oerienkomst is ek noch dat Hindrik nei syn net sa keardeleftich hâlden en dragen yn 'e beslissende nacht likemin as Jeen nei syn aventoerke mei Mary in positive erfaring riker wurden is. Hja hawwe 'neat leard', hja binne net feroare, it libben giet syn gong en wat bard is, hie likegoed net barre kinnen. Dêrmei hâldt de lykwidigens ek goedhinne op. *Fioele en Faem* wie wat wrang en dêrby dreech te lêzen. Tige meinimmend en dêrneist iroanysk, wat gekoanstekkerich hast, is 'De oerwinning'. Fan toan en sfear is der mear oerienkomst mei de fakânsjeroman *Hoe moat dat nou, Marijke?*. Itselde soarte grapkes: oer P. fan 'e Ljouwerter Krante, 'de wei dy't ik net gean wol, patint K.F.F.B.' (s. 44)*), fariaasjes op it bekende 'Scheef Heveningen brond in stand, alle gadbasten kakten hun poffers', hjirre as 'Mauzen en

Clulischen, de Bladijken en Vestmannen' **), 'Cannemaker' (út 'Canne' en 'Schuitemaker', s. 78 e.f.). It humoristysk (?) gebrûk fan de slogan 'Niet goed, geld terug!' (s. 146).

Dizze mopkes binne op harséls wol tige 'begnizensweardich', mar yn it kader fan dit boek passe hja net. Wat yn 'Marijke' de smaaklikens ferhege, heart hjir net thús. Ik haw nammers beswier tsjin de hiele flotte en floatige en ûndjippe manear fan skriuwen, dêr't Wadman him mei fan dit ûnderwerp ôfmakke hat. It ûnkritiske ek, bygelyks, dat Hindrik, dy't de fleislike konversaasje mei Wypkje útstelde oant twa dagen nei de troudei, mei Lutske de ein gâns earder besyld hat. Net dat ien en oar, alteast it lêste, ûnmooglik is, mar de ûntjouwing fan de iene 'hâlding' yn de oare is net nei te kommen. Ik wit nei it lêzen fan dit boek net wat en wa't Hindrik is. Is syn 'aventoerke' mei Lutske in eksperimintsje dat bûten it hert omgiet of brekt yn dit aventoer it wiere aard troch de bolster hinne en is syn houlik mei Wypkje (en syn stykjen om har, dat der oan foarôf gien wêze moat) in 'rol', dêr't hy himsels ta feroardiele hat? Hindrik libbet net, hy is in bloedleaze teory fan de grutste helt fan dit ferhaal: Anne Wadman, dy't my by it lêzen fan dit boek hieltyd hindere hat mei syn optwingerige oanwêzichheid. Ik wie net frij te lêzen wat ik woe en te tinken wat yn my opkaam: der waard foar my tocht, tusken heakken en skeanprinte; de lju fan it doarp wiene net frij, har te toanen sa't se wiene en it paad te gean, dat har hert har ynjoech: A.W. stie as de Almachtige te regisrearjen en oan 'e toutsjes te lûken. Op Syn heech befele gyng Hindrik mei in oaren, om't it Him goedtocht, moast Bjinse Houtsma stjerre. Ik winskje net dat Wadman de wrâld skôget, oars as hy it sels wol: ik ferwachtsje dat hy my dêr ek yn frijlit. Mar A.W. twingt my syn tinkwrâld op mei syn skeanprinte sintsjes en reaget myn yntelliginsje, myn ynfielingsfermogen, myn fantasij en myn selsstannigens oan kant. Jitris ik winskje, dat Wadman de wrâld en de minsken sjocht, sa't hy it sels wol. As Wadman de persoanen sa foar my delset, dat ik se rûke, taaste en fiele kin, dat se op myn netflues baarnd steane, dan sil ik yndied de minsken sjen, krekt sa't hy se sjoen hat en sa't er se tekene hat. Mar ik ferpof it om my oan 'e hân fan omke Anne rûnliede te litten troch de bistetún dy't Ierde hjit: 'Sjoch jonkje, dat is in kloot! Wat is dat no?' 'In kloot, omke Anne!' 'En dy dêre is in leffert! Wat sei 'k?' 'In leffert, omke!'

Alwer in boek fan de Fryske Bibleteek. Ik soe der safolle wurden net om smoarch makke hawwe, as dit boek skreaun wie troch Jan Sok út 'e Biertinte, ik soe der frede mei hawwe. Mar ik skat Wadmans kinnen noch altyd krekt heger as in daampeal.

út *De Gouden Tiid*, nr. 8, 1962.

omstavere; sidenûmers ferwize nei de twadde edysje (1984)

*) tekst stiet oars yn de twadde edysje

**) komt yn de twadde edysje net mear foar